

Rapport fan de advyskommisje foar de Gysbert Japicxpriis 2005

‘As tinken in lústerjen is/ nei it sprekken fan taal’, skriuwt de dichter Abe de Vries yn it gedicht ‘Wat him sizze lit’, ‘en dichtsjen it foar-sizzen/ fan it ûnbekende,// dan tink ik oan myn taal/ lykas de fûkehifker oan ’e Ried/ grien-griis as by Winaam./ Ik tink oan har lykas/ in fûgelfanger oan syn faam,/ in snieman oan snie.’ Dat binne ynkringende rigels, dy’t yn al harren direktens en ienfâld in wrâldbyld likegoed as in trochtochte opfetting oer de poëzij oproppe. Dat wrâldbyld en dy opfetting, sa docht hieltyd bliken yn de bondel *In waarm wek altyd*, binne kompleks en steefêst trochlibbe. Mar it knappe is dat dy rykdom, dy djipgong, him hieltyd manifestearret yn skerp útsniene bylden, yn formulearrings dy’t it hert fan de poëzijlêzer samar reitsje.

Dat hat te krijen, tinke wy, mei it raffinemint fan syn bylden en ferlikings. Sjoch mar nei dat earste sitaat: de dichter wol it oer syn poëtika hawwe, mar hy docht dat yn termen fan de lanlikste fan de beroppen. Hy ferliket syn beuzichheden mei dy fan de jagers en de fiskers, dy’t sûnt minskeheugenis de werklikheid sûnder in swym fan poëtikale bekommernis yn ’e mjitte komme. It dichterskip, liket hy te sizzen, moat it hawwe fan de ienfâld en direktens fan de tradysje, ek no of ek no *noch*, no’t it plak fan de dichter nei de marzje fan de âlde ambachten ferdreaun is en de taal yn syn sizzenskrêft algeduerich oanfretten en fersliten liket te wurden yn in oerweldigjend gebrûk. De dichter hechtet him oan ienfâld en oarspronklikens, sûnder dêrmei te kiezen foar wrâldfremdens.

Dat is bysûnder, want by sekuer lêzen en op ’en nij lêzen komt in hieltyd rikere wrâld yn de poëzij fan Abe de Vries oan it ljocht. Hjir is immen oan it wurd dy’t syn klassiken ken, de Fryske poëzij likegoed as de poëzij fan fier dêrbûten, mar ek immen dy’t syn wrâld ken, alteast syn eigen kontinint, Europa, en de skiednis dêrfan. En dat sjongt allegearre mei yn wat er skriuwt. Hy libbet yn in werklikheid dêr’t de rike, hast ûnbegrinzge romte en de delslach fan de skiednis blykber ûnûnderbrutsen yn syn bewustwêzen oanwêzich binne.

Hy konfrontearret himsels dêrmei. Syn tinken en dichtsjen, dy binne in algeduerich lústerjen nei taal, taal fan de foarigen, taal fan de oaren. Syn dichtsjen is in werompraten, each yn each mei it frjemde, it oare, it eardere, sûnder fierders ek mar in momint nostalgysk te wurden en fan de aktualiteit

te ferfrjemdzjen.

‘Taal, flijd ûnder loftten,/ hiem foar fûgelkloften, dy’t foar’t de jûn/ falt, draacht de tsjoen fan strofen’, skriuwt er. Yn dy taal libbet hy, de dichter. De taal nûnderet yn ’e holle en makket him, krekt omdat er in dichter is, hast ûnfersteanber: hy sukkelet ommers om mei ‘in foar-sizzen fan it ûnbekende’.

Dat ûnbekende komt er roppich yn ’e mjitte, want de dichter is net wurch te krijen en lit him net yntimidearje. Hy reizget in protte yn dizze bondel, hy is algeduerich ûnderweis, benammen yn de lannen fan Sintraal-Europa en de Balkan, lannen dy’t oant no ta, noch net sa botte lang lyn ôfsletten fan tiid en wiffens efter in Izeren Gerdyn leine. Hy nimt ús mei nei Srebrenica, ‘de sulverstêd’, nei East-Sileezje, yn Poalen, nei Moraavje, nei Ostrava oan de Tsjechysk-Poalske grins.

It binne plakken dy’t him ta de ferbylding sprekke, mar se blike ek betsjutting te krijen yn de dichter syn tige ôfwoegen sykjen en kiezen fan boarnen fan ynspiraasje. ‘Marcus Aurelius syn Carnuntum foarby’, giet er, ‘de streken fan Marcomanni ferlitten,/ dûk ik op yn it lân fan Aquincum./ In rivier oan tiid...’. Syn trajekt oer de kaart en troch it wrâlddiel hat in kultuerhistoaryske diminsje, de motiven foar syn reis kenne ek it ferlet fan konfrontaasje.

Wêrom’t dat bereizgjen fan dy wat eksoatyske oarden sa nijsgjirrich is, wêrom’t sawol dat sykjen as de kar foar krekt dy plakken neffens ús safolle sjen lit fan de djippere driuwfearren foar dat dichterskip, sille wy jo sadaliks út ’e doeken dwaan. Earst is it wichtich om op te merken, dat it him net om dat eksoatyske op himsels giet: hy is gjin toerist op ’e flecht foar de gewoane slinger fan it al te fertroude. Sjoch mar, dêr rint er troch Amsterdam, ‘twa dagen foar Krysttyd 2003’ of giet er, yn deselde stêd, nei in feestje yn in hûs oan de Keizersgracht. ‘De lange wei nei Lauwerseach’ komt him krekt sa heimsinnich en alles ferklearjend foar as ‘de dyk nei Ostrava’, of ‘wyt Moravië’.

Dat syn hert lykwols leit by dy streken dy’t oant fyftjin jier lyn efter it Izeren Gerdyn leinen, ôfsletten fan de fûle ‘tand des tijds’, dat seit in soad oer de driuwfearren fan dit dichterskip. Wa’t dy gebieten ken, ken ek de bysûndere sensaasje om sa te sizzen yn in tiidmasine telâne te kommen, sadree’t er dêr reizget. Dêr hat, benammen op it plattelân, de tiid sa’t it liket in heale ieu stilstien: wa’t der yn komt, stapt troch in wek yn ’e tiid de

skiednis yn.

It is in tema dat de dichter fassinearret. Dat komt trochdat er dêr de skiednis heech optaaste oantreft en trochdat er dêr besykje kin in ferhâlding ta dy skiednis te finen. Yn Bratislava ‘bou ik algeduerich myn nije brêge’, skriuwt er, mar ‘Tûzen kear komt de floed en reaget// tûzen kear myn bouwurk om’. Rekkenje der mar op dat wy ‘Hee do’, dêr’t dy rigels út komme, èk as in poëtikaal gedicht lêze moatte. De heimsinnige, spoekftige lûden yn ‘Hotel Maria’ yn Ostrava binne de aldendeiske lûden fan in hûs, mar tagelyk dy fan it ferline en fan de yn himsels stammerjende dichter. ‘Gjin wurd te hearren, mar protte praat/ ynmitsele yn ’e muorren’, skriuwt er, ‘Heger of leger lûkt immen in ferline troch’. It konkrete en it poëtikale, de fêststelling en de refleksje binne hjir yn inoar ferfrissele: it ien kin net sûnder it oar.

Dat de dichter dêr dy fiere kontreien foar opsiket, dat jout net de trochslach, sa docht bliken. ‘Yn gigantyske skuorren/ steane trekkers te ferrustkjen’, skriuwt hy yn ‘De fuortgong’, en dan binne wy in hiel stik tichter by hûs, by ‘jimme Kiestra’s, Kalma’s, Sierksma’s,/ goed of fout doedestiids,/ it is wer winter in Fryslân’. De iisbaan fan Winaam priket him likefolle as de kuerige rivieren fan Sintraal-Europa. It is wol dúdlik, dat der wat misgien is yn it ferline en dat krekt dat wat net doocht, de dichter dwaande hâldt. ‘t Stjelpdak ynstoarten’ ... ‘By ’t simmer/ rabbet heech raaigers oer de muorren’ ... ‘Ald krûpt/ in winterwyn nei de doar, lette post waait/ nei de útbrânde sleat’ ... ‘In púnfal oan in/ paad dat dearint’. It binne stik foar stik bylden út in gedicht dat ‘Ferhaal helje’ hjit. En dêr is it om te dwaan, om rekkenskip te jaan en rekkenskip ôf te twingen. Syn poëtika wurdt droegen troch in gefoel fan ferantwurdling en in gefoel fan ferantwurdlikheid.

Tink mar net dat it fan him in achteromsjogger makket, in nostalgikus. De ferlieding om oantinkens te koesterjen yn de romantisearring fan taal en romte leit yn de Fryske literatuer mar al te happich op ’e loer. Mar it opmerklike oan Abe de Vries syn taal en byldetaal is no krekt dat er midden yn de notiid stiet. Der komme sms’kes foar yn syn gedichten, no ja, se komme net binnen, dêr giet it krekt om: ‘Gjin sms-ke/ op myn mobyl en dea de tillefoan’. Hy skriuwt in bûtengewoan ryk en oarspronklik Frysk, mar foar lienwurden is er likemin bang as foar ferwizings nei popmuzyk en film. Ut dat alles docht in soarte fan oansteklik dichterlike wissens bliken, somtiden

op it útdaagiende ôf.

It snijt in protte yn *In waarm wek altyd*. Dat die it ek al yn *De weromkommer yn it ûnlân*, de earste bondel van Abe de Vries, de bondel dêr't er yn 2002 as dichter mei debutearre. Dat is net sûnder reden. De troch snie bedutsen wrâld sjocht der, yn alle gefallen op de earste dei fan de snie, as nij út, as in ûnbeskreaun blêd. Tagelyk makket al dat monogrome wyt de wrâld fan it iene op it oare stuit grutter.

It sil dúdlik wêze wêrom't dy besnijde wrâld him sa oansprekt. Efkes hat de wrâld syn skiednis bedutsen – en dat nota bene mei it wyt dat derom raast om beskreaun te wurden. Hy wol der fuortdaliks op ôf, 'Achter in Frysk faem op redens oan/ tôgje ik de wrâld út, hâld skoft// by sinesappelbikinys op it basalt/ ûnder Sandór-Petöfi-brêge', hopsakee, yn ien drokte fan de iisbaan yn Winaam nei Boedapest, om't er in pinne en in poëtyske ferbylding ta syn foldwaan hat. Dat is skitterjend.

De dichter beseft dat de aldendeiske wrâld lytser wurden is, mar hy besiket dy troch syn taal wer grutter te meitsjen. It giet derom dat er yn in sa't it hjit ûnttovere wrâld romte makket foar it mytyske fan de ûnderfining, sûnder yn in berneftich byleauwe of ôfwaaid praat oer skientme en de yllúzjes fan de literatuer te ferfallen. Hy begrypt dat alle waarnimming, alle ûnderfining, in transendint momint hat. Dêrtroch hawwe syn gedichten de strangens fan de filosofy én de beswarrende krêft fan it ritueel. Hy ferbynt skerpsinnigens fan opmerkingsfermogen en in drang nei sekuer formulearjen mei in *faiblesse* foar muzyk. It tinkt en it sjongt yn dy gedichten. Dêrtroch wint de pragmatyk it fan de semantyk, je moatte neitinke, mar tagelyk wurde je meinommen yn in stemming, in gemoedstastân. De taal slacht werom.

Der wurdt, stelden wy ûnder ús berie fêst, in soad, in opfallend soad goede poëzij skreaun yn de hjoeddeistige Fryske literatuer. Wy hawwe de rispinge fan in tal jierren sekuer besjoen en besprutsen, al wie it mar om nei te gean oft wy ús net op it no, it opfallende súkses fan in hiele generaasje jonge of betreklik jonge Fryske dichters, ek bûten Fryslân en ek yn wichtige media, blyn stoarren en dêrtroch in fergetten âlder talint fersleauken. Mar de jongerein hat wûn, de renêssânse yn de Fryske poëzij dêr't sa faak nei ferwiisd wurdt is net allinne in media-barren, dy renêssânse is ek in feit. Wy hienen sûnder muoite fiif dichters en harren wurk nominearje kinnen foar de Gysbert Japicxpriis 2005 en de bekroaning fan elk fan harren soe op goede

grûnen te ferdigenjen west hawwe.

Mar it dichterskip fan Abe de Vries, en dan benammen syn bondel *In waarm wek altyd*, stekt troch toan, tematyk en behearsking sa opfallend boppe it meanfjild fan 'e hjoeddeiske Fryske poëzij út dat wy him unanym en mei in protte nocht en wille foar de Gysbert Japicxpriis 2005 foardrage.

De advyskommisje,

Klaas van der Hoek

Jitske Kingma

Michaël Zeeman, *foarsitter*

Amsterdam, Ljouwert, Rome, augustus 2005